

Omrop Fryslân is in multimedia bedriuw, folop yn ûntwikkeling. Neist regionale radio, telefyzje en online-aktiviteiten, meitsje wy ek programma's foar de lanlike publike omrop; dokumintêres en skoaltelefyzje. Omrop Fryslân heart ta de bêst beharke en besjoene regionale publike omroppen yn Nederlân.

Omrop Fryslân wol regionaal werkenber, aktueel, ûnôfhinklik en belutsen wêze. En Frysk; it poadium foar maatskiplike diskusje yn dizze provinsje, belutsen by en ûnderdiel fan it alledeiske Fryske libben.

Wy sykje:

FREELANCE AVID EDITORS

Dy't:

- it wurk útfiere ûnder oanwizingen fan programmamakkers en/of regisseurs.
- selsstannich in item/programma klear foar de útstjoering montearje kinne.
- wurkje kinne mei AVID (is in eask).
- ûnder tiidsdruk wurkje kinne.
- op ûngeregelde tiden wurkje wolle.
- de Fryske taal passyf yn 'e macht hawwe.

Wy freegje

- fleksibiliteit
- kreativiteit
- oanpassingsfermogen
- beslútfeardigens
- dissipline
- stressbestinnichheid

Wy biede

- Ynset en prestaasje wurde beleanne mei in passend taryf ôfstimd op âldens en wurkûnderfining.

Ynteressearre?

Foar mear ynformaasje kinsto kontakt opnimme mei Susan Zwerver, koördinator edit, fia de mail (susan.zwerver@omropfryslan.nl). Stjoer dyn motifaasjebrief mei CV nei de ôfdieling P&O, mailadres: P&O@omropfryslan.nl